



De winter fan '79

Ien kear yn 'e wike gongen wy in pear oerkes nei pake en beppe.

'Alde pake' en 'âlde beppe' seine de bern om sa it ûnderskied te meitsjen mei ús heit-en-mem-en-dy.

Beide wiene se om ende by de njoggentich. Beppe der al boppe, pake der noch krekt ûnder. Beppe wie stil en beskieden, by har koene je je noflik deljaan. Pake hie lykwols gauris in steil wurd, dêr't net ien oars tuskenkaam en dêr't je ek net omhinne koene, want hy frege alle oandacht. Us generaasje, dêr seach er op del. Dy wie fan nei de oarloch. Dêr siet gjin kriich yn. Gjin piid. Slop en weak. Oant yn 'e grûn bedoarn. Dat kaam omdat wy neat meimakke hiene. Gjin oarloch, gjin earmoede, gjin winter. Dy fan '63? Lit my net laitsje.

Hy hie him der altyd op foarstean litten dat er noait belies joech en dat wie noch sa: geregeld gong er in eintsje te fytsen, al koe er it paad mar amper rjocht hâlde. It mocht in wûnder hjitte dat der noch noait in ûngelok bard wie. Beppe hie dat wol troch en die alle kearen wer har bêst syn útstapkes op te kearen, mar it wie him net út de holle te praten. Sels kaam se praktysk noait mear bûtendoar, it rinnen foel har swier en har triuwe litte yn in karke, dat like har nei fleanen.

Diskear wiene we mei ús trijen: Anders, Gerbrich en ik. Myn frou wie thúsbleaun mei de lytse poppe. It waard wol in hiele útris om dy ek noch mei te nimmen. Dat koe letter noch wol ris.

'Bist let', sei pake.

Hy seach mei in skean each nei de pendule op 'e skoarstienmantel.

'Beppe makke har suver al ûngerêst.'

'No ja, mei al dy glêde diken', ferûntskuldige beppe har.

Ik hie op it lêst noch in telefoantsje krigen en koe dêrnei de foto's dy't ik pake sjen litte woe, net fine. En likemin de learskes fan Anders en Gerbrich. It koste ek noch hiel wat tiid om dy twa yn de jassen, de sjaals en de mûtsen te hisen. Boppedat woe de auto earst net starte en wiene de diken noch altyd min te beriden, ek al teide it al wer in pear dagen. De sân kilometer fan ús nei pake en beppe die ik gewoanwei yn tsien minuten; no hie it in goed kertier duorre. Dat al mei al wie ik in healoere letter as oars.

'Mar ik bin der', sei ik.

De wyks dêrfoar siet alles ynsnijd. Dat doe wie ús besite oan pake en beppe der by bleaun.

'Moai dat jim der binne,' sei beppe, 'hoe is it mei de lytse jonge?'

Sa'n twa moanne lyn wie ús jongste berne. Op freed de 13e. Dy datum stiet net al te goed bekend, mar de befalling ferrûn sûnder komplikaasjes en alles siet derop en deroan. Al wie it fansels wol sa dat krekt doe't dokter ôfset wie omdat it noch wol even like te duorjen, de berteweeën har ynienen oankundigen en yn rap tempo trochsetten. Mar doe wiene der gelokkich gjin sniedunen fan twa meter heech dy't alle

diken nei it doarp blokkearren. Dokter kaam noch moai op 'e tiid. Ik tocht der mar leaver net oan hoe't it moatten hie as wy doe ynsnijd sitten hiene.

De earste snie foel de moarns yn 'e spitsoere. It begûn mei hjir en dêr in pear tinne flokjes, dy't lykwols fan minút ta minút groeiden yn oantal en omfang; al gau kaam it mei bakken út 'e loft. Binnen de oere stie it ferkear muorrefêst.

Ik hie sels dy moarns ek noch gewoan nei it wurk sillen. Gelokkich kaam buorman der doe al wer oanriden. Hy hie al gau trochkrigen dat it neat wurde koe en seach noch kâns om te kearen. Net oan begjinne, warskôge er my. Wylst ek it lêste ferkear yn in omsjoch fêstrûn, kaam de earste berjochtjouwing stadich op gong.

Yn 'e rin fan 'e dei helle de wyn oan en blies de snie by de auto's op, dy't gjin kant mear op koene. Lâns de strjitwei waard in paad útgroeven, in smelle stege tusken hege sniemuorren dêr't wy stil fan ferwûndering trochhinne skarrelen, wylst de bern oerdwealsk de sniedunen beklommen en wiisden nei de tinne stokjes dy't hjir en dêr út de snie omheechstutsen. Dat wiene de antennes fan de auto's dy't ûnder de snie bedobbe rekken. Heiten weagen har ek oan de klim en makken in foto. Ik wie benijd nei pake syn kommentaar.

Pake hie syn eigen winters. Dêr mocht er ús graach de eagen mei útstekke.

De winter fan '42 bygelyks. De winter mei de measte snie fan de ieu – mear as in heale meter! – en mei de leechste temperatuer dy't oait yn ús lân metten waard: -30 graden! En yn '29, doe rieden se mei auto's oer de Waadsee en de Sudersee! It frear doe sawat trije moanne oan ien stik. Yn juny sieten de stikken iis noch ûnder yn 'e strontbult.

'We hiene op it lêst amper noch wat om te stoken. Oan 'e Mounewei hiest in dûbele rige beammen. De iene beam nei de oare waard hyltyd lytser. Earst de tûken. Dêrnei waarden de stammen yn stikken seage.'

Pas healwei maart kaam der in ein oan 'e froast.

'En wetterlieding, tochtst dat wy wetterlieding hiene?'

Nee, fansels net.

'Jim hellen it út 'e reinwettersbak.'

'Mar dy stie droech!'

O, dy hearlike tiid fan izige kjeld en ivige snie, dy prachtige alvestêdetochten op houtsjes en sokken mei stoarmwaar en striemin iis, sa ûnder de kij wei en foar melkerstiid wer thús. Dy hearlike tiid fan hongere en earmoede, fan húsketontsjje en reinwettersbak, fan kosmoar, longstâle en útbakt spek.

'It gas rekke ek op. Earst brûkten we noch de âlde petroaljelampe, mar op it lêst wie der ek gjin petroalje mear. Ik wit noch wol hoe't it hiele doarp yn ûnstjoer wie, doe't Tsjibbe Folkertsma ynienen wer in kear delkaam mei de petroaljekarre. Dy waard fan alle kanten bestoarme. Hy koe it lang net neikomme, it waard in gaos. Dat Tsjibbe kapte dermei en soe it doarp wer út. Mar we wiene wol mei hûndert man, der wie gjin trochkommen oan. Uteinlik hat plysje Veldhuis him ûntset en de boel regele: hy telde de minsken en frege Tsjibbe hoefolle liter oft er noch hie. Doe hat elk dy't dêr wie noch twa liter krigen. Dêr wiene je dan wer in pear dagen mei rêden.'

En net te ferjitten: de alvestêdetocht fan 1940. Pake syn eigen alvestêdetocht. Doe hat er op syn fyftichste noch in krúske helle. Neffens eigen sizzen teminsten. Beppe hâldt har altyd wyslik stil. Dat krúske is ergens yn in laad bedarre en nea wer opdûkt. Dat

seit pake net safolle, sa'n krúske. It giet him om de prestaasje en net om sa'n blikken dinkje.

'Se krimmeneare altyd oer de alvestêdetocht fan 1963, mar doe hellen 127 de einstreek. Mear as hûndert! Wêr ha je it dan oer. Yn 1940 koene mar 27 riders in krúske ophelje.'

Mar no hiene wy dus ek wat om mei út te pakken: de winter fan '79.

'Ha jo der ferline wike noch út west?', frege ik.

'Hoesa', sei pake.

'We ha fjouwer dagen ynsnijd sitten', sei ik.

'Der wie in hiele hege berch en dêr binne wy mei de slide fan ôfgliden', sei Anders.

'En we ha ek in sniepop makke', sei Gerbrich. Se klom op in stoel en hold de hantsjes sa fier mooglik boppe de holle: 'Sa'n gruttenien!'

Ik helle de foto's út it mapke.

Pake beseach se mei in heal each en om dat wer wat goed te meitsjen bearde beppe foar twa. Sa no en dan knikte pake even. Der lei wol oeral in soad snie, dat moast er tajaan.

'Sa te sjen wie der net in strjitte skjin', sei er.

'Der wie gjin begjinnen oan.'

'Yn '42 wiene alle strjitten skjin.'

No sa. Dat hiene we him alfêst ôfwûn. Alle strjitten skjin, in winterke fan niks dus, dy winter fan '42.

Mar pake helle ús gau út de dream.

'Elkenien kaam doe nei bûten om te helpen. Dat gebeurde doe gewoan. Dêr waard net oer eamele. No krijt elkenien in oprop om thús te bliuwen.'

'Dat wie om foar te kommen dat de minsken mei de auto nei it wurk gongen. Dat wie net ferantwurde. Alles rûn fêst.'

'Ja, dat seinen se op de radio. Dy hiene wy net yn '42.'

Yn 1979 hie Omrop Fryslân deis noch mar in oerke stjoertiid of sokssawat. Mar doe't alles hjir ûndersnijde en fêst kaam te sitten, stjoerden se de hiele dei út. Dat soe pake ek wol opfallen wêze. Om de earnest fan de sitewaasje oan te jaan, wreau ik it him dochs noch mar even ûnder de noas.

'Omrop Fryslân wie de hiele dei yn 'e loft.'

Mar pake fette it oars op.

'Dat bedoel ik. Der wie neat oan 'e hân. De radio spile gewoan troch.'

No ja, dat wie sa fansels. Alles die it noch. Ljocht, ferwaarming, wetter.

'Koud en warm stromend water', grommele pake.

Allinne de bôle by de Spar wie al gau op. Doe ha in stik as wat manlju mei sliden bôle út Westerwierrum helle. Dêr hiene se noch in waarme bakker.

'Hoe lang duorre dy hiele grap ek mar wer?', frege pake.

'Fjouwer dagen.'

'Van alle gemakken voorzien', hune pake.

Al dy minsken dy't mei de slide de boadskippen hellen, al dy boartsjende bern, al dy auto's dy't nergens te bekenen wiene en al dy ekstra frije dagen: it hie yndie mear fan in wintersk wûnderlân as fan in stringe winter.

Ik helle de foto der nochris by fan it antennepuntsje dat ta de snie útstiek.

‘Us auto’, sei ik.

Pake sette de bril op en bestudearre de foto oandachtich.

‘Wêr dan?’, frege er.

Ik wiisde nei it antennepuntsje.

‘Dêr,’ sei ik, ‘ûnder de snie.’

‘No moatst ophâlde!’ , bearde beppe.

‘Dêr ha ’k fjouwer dagen yn fêstsitten.’

Anders en Gerbrich seagen my ferheard oan.

‘Sûnder ferwaarming. Sûnder iten of drinken.’

Anders en Gerbrich skuorden noch gruttere eagen op. Grut en wiis genôch om troch te hawwen dat myn ferhaal net kloppe, te lyts om te begripen wêrom’t ik it der sa rare dik boppe-op lei. Ik besocht se ûngemurken in knypeach te jaan, mar dat mislearre fan alle kanten: it brocht de bern gjin dúdlikheid en it wie pake net ûntgongen. De stilte dy’t foel, waard suver wat pynlik en ik woe dat ik my stilholden hie.

Beppe rêde de sitewaasje.

‘Jim heit is in praatsjemakker’, sei se.

‘Tsja, fan wa soe ik dat ha?’, antwurde ik mei in retoaryske fraach.

‘Wat wolle jim ha,’ makke beppe har der fan ôf, ‘in gleske ranja? En wat lekkers derby?’

Sa bleau myn fraach dus yn ’e loft hingjen, al helle pake al even de skouders op.

Mocht dat as in skuldbekentenis bedoeld wêze, dan wie it ien dêr’t je mar better net tefolle gewicht oan hechtsje koenen. Hysels like der yn alle gefallen net swier oan te tillen. It like hast wol as hie er in lyts bytsje wille.

‘Fansels ha jim lêst hân fan it winterwaar’, joech er doe ta. ‘Mar dat der sa oer swetst en beard wurdt, dêr kin ik net oer.’

Sjoerd Bottema